

I.F.A.T.
It Frysk Amateur Toaniel



Oprjochte 24 july 1953 troch
BFT - FBOU - IT SELSKIP

Stifting
It Frysk Amateur Toaniel
(IFAT)

**MEARJIERREPLAN
2017-2020**

MEARJIERREPLAN IFAT 2017-2020

YNHALD

1.	YNLIEDING	side 3 – 6
2.	MEARJIERREPLAN 2017-2020	
	A. De produkten / aktiviteiten fan Ifat (formats)	
	• Biblioteek	side 7
	• BFT Selskippen / STAF	side 8 - 10
	• Frysk Boun om Utens / FBoU	side 11 - 12
	• Selskip fan 1844	side 13 - 14
	• Aktiviteiten Kulturele Haadstêd 2018	side 15 - 16
	B. Detailbegutting	side 17
	C. Kosten en opbringsten per product	side 18

I F A T: De takomst fan it Frysk binne wy sels



Ynliding

Hjirby biedt IFAT jo MEARJIERREPLAN 2017-2020 oan.

IFAT is it oerkoepeljende orgaan foar Frysktalich Amateurtoaniel yn Nederlân.

By IFAT binne trije organisaasjes oansletten, te witten:

- Stifting Amateurtoaniel Fryslân (STAF)
- Frysk Boun om Utens (FBoU)
- Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse (It Selskip)

Fan STAF wurde allinne de aktiviteiten fan de Doelgroep BFT selskippen stipe.

Nêst it produkt fan IFAT sels, kinne ek de trije oansletten organisaasjes beskôge wurde as produkten fan IFAT, de aktiviteiten fan de trije oansletten organisaasjes binne apart opnaam yn de "formats".

Dizze wurkwize waard ek brûkt, doe't IFAT noch streekrjocht stipe krige fan it Ministearje fan UK&W. Mei yngong fan 2002 is IFAT opnaam yn de tredde Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2001-2010. De Bestjoersôfspraak is in lânlike ôfspraak fan it Ministearje fan UK&W en de Provinsje Fryslân om de Fryske Taal en Kultuer te stypjen.

IFAT stribbet der nei om sa folle as mooglik fan de oan har takende middels te brûken as stipe oan de oansletten organisaasjes. Dit betsjut sa min mooglik kosten meitsje, om sa folle mooglik middels as stipe trochjaan te kinnen.

It beskikbere bedrach foar stipe wurdt op grûn fan in ferdielkaai ferdielt oer de trije organisaasjes.

By it fêststellen fan de ferdielkaai is rekken hâlden mei oan de iene kant de grutte fan de organisaasje en oan de oare kant it gebiet wat de organisaasje bestrykt.

As ferdielkaai wurdt mei goedkarren fan de oansletten organisaasjes hantearre: STAF ½, Frysk Boun om Utens ¼ en Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse ¼ fan it bedrach wat oerbliuwt fan it stipebedrach nei't de kosten en de produkten fan IFAT sels ôflutsen binne.

It stipebedrach oan de aktiviteiten fan de trije oansletten organisaasjes wurdt neffens de ferdielkaai oanpast oan it beskikber stelde subsydzjebedrach yn it gefal dat it beskikber stelde subsydzjebedrach heger as leger is as it tekoart op de begrutting.

IFAT – It Frysk Amateur Toaniel en Taal, Kultuer en Underwiis.

It wurk fan Ifat omfiemet de trije beliedsfjilden Taal, Kultuer en Underwiis.

Ifat is fanâlds de lânelike organisaasje foar Frysktalich amateurtoaniel yn Nederlân, hat yn de rin fan de jierren it wurk ferbrede mei it organisearjen en stypjen fan nije aktiviteiten / projekten op it mêd fan taal, kultuer en ûnderwiis, sa as bygelyks karmastersoplieding, foarlêspjocht, it stypjen fan oarspronklik Frysk toanielwurk.

Ifat is in folsleine frijwilligers organisaasje – sûnder betelle oerhead.

As grutte frijwilligersorganisaasje binne wy tige selsredsum, litte wy sjen dat wy mienskipssin hawwe en midden yn de mienskip, oan't yn de lytste doarpen ta, steane.

Wy binne ús bewust fan ús eigen identiteit, binne aktyf yn maatskiplike partisipaasje en bewust fan ús eigen rol deryn.

It hert fan Ifat is ús **draachflak**: alle aktiviteiten en projekten wurde droegen troch de minsken sels: frijwilligers.

Wy allegearre meielkoar stekke **frijwillich** in bulte tiid en enerzjy yn Ifat, yn de trije oansletten organisaasjes, yn de peatselike ferienings / kriteren om aktiviteiten en projekten te organisearjen wer't eltsenien oan meidwaan kin.

Ommers frijwilligerswurk is it semint, de gearing, yn en fan in mienskip: fan, foar en troch de minsken sels. Dermei binne wy in foarbyld fan dy "typysk Fryske mienskipssin". Frijwilligerswurk is de semintfersteviger.

Ifat draagt by oan in goed en ryk kultureel klimaat, befoarderet de sosjale koheezje en draagt by oan de leefberens en it wolwêzen fan ynwenners yn 'e stêd / kearnen (30% fan de ynwenners) en op it plattelân, wer't 70%! fan de ynwenners wenje.

Aktiviteiten en projekten dy't al sûnt minskeheugenis sosjaal ferankere binne yn harren mienskip.

Frijwilligerswurk giet ek fierder, troch aktyf mei te dwaan, mei aktiviteiten te organisearjen kinne jo ek sels wurkje oan jo eigen ûntwikkeling en ek dermei wer in bydrage leverje oan jo eigen lytse of grutte mienskip.

Us basisynfrastruktuer mei aktiviteiten en projekten yn sawol de lytse doarpen as de stêden, yn alle gemeenten / wurkgebieten yn Fryslân, is **leechdrompelich**, foar alle doel- en leeftiidsgroepen: **eltsenien kin meidwaan oan ús aktiviteiten / projekten op it mêd fan taal, kultuer en ûnderwiis: fan pjut oan't grut!(fan pypjong oant stokâld)**

Beliedsbrief Hert, Holle, Hannen

Beliedsfjild kultuer

"By kultuer giet it om it belied op it med fan poadiumkeunsten, festivals, kultueredukaasje. biblioteken, argiven, talintûntwikkeling, amateurkeunst en musea"

It kulturele hert fan Ifat wurdt foarme troch in 170 toanielferienings / kriteren en jongerein toanielgroepen, it winterwurk. Leden fan toanielferienings spylje dernjonken yn de simmer mei yn de produksjes fan de iepenloftspullen.

Mei mear as 10.000 aktive toanielspilars / kriteleden en jierliks mear as 100.000 besikers by Frysktalige útfierings (boarne enkête BFT) kinne je wol stelle dat der troch amateur - toanielspilars / frijwilligers gâns in bydrage oan it kulturele libben yn Fryslân levere wurdt. Ynhâldlik wurdt troch Ifat en de oansletten organisaasjes wurke oan kwaliteitsferbettering troch it organisearjen fan kursussen, ûnder oaren: toanielkursussen, toanielstúdzjedagen / toanielstúdzjewykeinen, toanielkrigen, karmastersoplieding, it stypjen fan jeugd- en jongereintoaniel en it jierliks útskriuwen fan in kriich foar it spyljen fan oarspronklike Fryske toanielstikken.

Wat spitich is dat al te lang der in ferskoven plak fynt fan jild en minsken nei burofunksjes. Wiene der eartiids toanieladviseurs dy't ek echt fulltime oan 'e basis wurkten en de basis fersterkten, no sjogge wy hieltyd mear beliedsfunksjes ferskinen: **"mear knibbels ûnder it buro, yn sté fan hannen/help en jild yn it fjild"**.

Beliedsfjild taal

“it beliedsfjild taal giet oer soarchplicht foar it behâld en it befoarderjen fan de Fryske taal en de Fryske streektalen”

Tûzenen Friezen binne omtrint it hiele jier aktyf mei de Fryske taal dwaande: winterdeis yn de doarpen en stêden op wei nei foarstellings, simmerdeis mei iepenloftspullen.

Hoefolle nije Friezen binne wol net troch it amateurtoaniel yn ‘e kunde kaam mei de Fryske taal en dogge no ek folop mei. Ek troch it foarlêzen oan pjutten komme jonge bern al betiid troch de Tomkeferhaaltsjes oan it Frysk.

En dan al dy taskôgers: neffens de enkête fan it eardere BFT is it berik jierliks mear as 100.000 besikers dy’t passyf belutsen binne by de Fryske taal en kultuer.

Binnen it FBoU (organisaasje fan Krite bûten Fryslân) hawwe in tal krite ek in toanielôfdieling, wêr’t Frysktalige toanielstikken opfierd wurde.

Dernjonken organisearje de Krite fan it FBoU, krekt as de Krite fan it Selskip, ek oare aktiviteiten, dy’t bydrage oan Taal en Kultuer.

Sa as: literêre jûnen, boekbesprekkings, lêzingen oer skiednis, toanieljûnen, taalkursussen, ekskursjes en Krite Hearrenfean hat in dûnspleoch, wêr’t âlde Fryske dûnsen op it programma steane.

Taalbelied Ifat

Sûnt 1953 (oprjochtsjen fan Ifat) is it belied dat alle kommunikaasje, sawol mûnling, skriftlik as digitaal, yn ús Fryske Taal fersoarge wurdt, ommers

It motto fan IFAT is: de takomst fan it Frysk binne wy sels!

Wy beskôgje de Fryske taal as in ferriking en as wy ús sels net aktyf ynspanne foar it Frysk, Frysk prate, skriuwe en lêze, wa moat it dan dwaan?

Alles, mar dan ek alles fanút Ifat yn wurd en skrift giet yn it Frysk. Better en mear kin net.

Wy binne fan betinken, dat Ifat in foarbyld funksje oangeande it Frysk yn Fryslân ferfult.

En as no oare organisaasjes, ynstellings dat foarbyld ek eris folgen en de Provinsje sjocht der op ta, dan stie it der mei it Frysk gâns better foar!

Wy wurde hjir wol eris wat kriebelich fan: dat ieuwige geseur oer wol of net yn it Frysk: wy, wy moatte it ommers sels dwaan: de takomst fan it Frysk binne wy sels!

Eltsenien moat de skouders derûnder sette en oars mar koarte op de subsydzje.

Beliedsfjild Underwiis:

It provinsjale ûnderwiisbelied is fan âlds benammen rjochte op it Frysk yn de provinsje.

Ifat / It Selskip organisearret op it mêd fan ûnderwiis it provinsjaal projekt Foarlêzen yn it Frysk oan pjutten op pjutteboartersplakken, bernedeiferbliuwen en by gastâlders.

Jong begjinne: foarlêzen wurdt oan sa’n 12.500 pjutten, **yn ien wike, de Fryske foarlêswike!**

It Projekt wurket yn alle gemeenten / wurkgebieten op it fêste lân, hat dus in brede basisynfrastruktuer (provinsjale “dekking”) en op Skiermûntseach.

Ifat stiet mei it Foarlêsprjekt oan de basis fan de trochgeande learline troch it planmjittich en struktureel foarlêzen op pjutteboartersplak, bernedeiferbliuwen en by gastâlders.

It Foarlêsprjekt hat ek in ferbreedzjend effekt: hieltyd mear folwoeksenen lêze foar yn it Frysk en de Streektalen.

Ifat hat in sterke, brede **basisynfrastruktuer** stean en ferfolt in funksje yn in sterke, takomstbestindige provinsjale basisynfrastruktuer: foar elkenien, mei elkenien.

Wy binne fan betinken, dat ús aktiviteiten, ynisjativen en produksjes bydrage oan it stribjen om de mienskip as gehiel bloeie te litten en in bydrage leverje oan in fariearre kultureel klimaat: ferbreedzje en ferdjipje.

Wy stelle alles yn it wurk om ús basisynfrastruktuer te behâlden en wer mooglik út te wreedzjen: stimulearje en fasilitearje. Troch dy basisynfrastruktuer berikke wy de Fryske mienskip en harren ynweners.

Wy bouwe en bine oan de basis, fan ûnderen op.

Wy binne o sa wiis mei it tal minsken dat wy berikke, toanielspilars, taskôgers, kriteleden, karmasters, pjutten, foarlêzers, kommisjes, bestjoerders fan pleatselike ferienings ensfh.

It tal iepenloft foarstellings, harren besikers en it tal pjutten groeit noch altyd.

Wy sille sjen of 't wy dit berik net allinne handhavenje kinne mar ek útwreidzje.

As jimme lfat bestudearre ha en jimme ha ús de ôfronne 14 jier folge, dan moat jimme konklúzje wêze: bliksem, dy organisaasje set, mei beheinde middels, gâns wat út 'e wei.

As de provinsje mear fan ús freget, meie wy dan ek mear fan de provinsje freegje?

Kultureel ûndernimmerskip

Op side 7 fan de beliedsbrieff wurdt sprutsen fan kultureel ûndernimmerskip.

Undernimmerskip en it generearjen fan eigen ynkomsten is al wênst binnen lfat en de trije organisaasjes. Sûnt minskeheugenis drage wy sels by oan aktiviteiten.

Wat ynvestearje wy sels:

Pleatselik: leden betelje kontribúsje oan toanielferienigingen / krite, hja ha stipers en sponsors, entree foarstellings, hja hâlde aksjes om draaiende te bliuwen: ferlottingen, kryststjerren, oaljekoeken, koeken ferkeapje, ensfh.

De kosten fan it meitsjen fan in foarstelling binne heech, samar in pear tûzen euro.

Provinsjaal: binne der ynkomsten út de ledejilden, entree foarstellings, dy't brûkt wurde om de organisaasjes draaiende te hâlden.

Provinsjale subsydzje - € 9.900,00 - wurdt brûkt foar ynhâldlike aktiviteiten, sjoch mearjierreplan / begrutting.

Foar de mienskip it generearjen fan ynkomsten oangeande foarstellings (mear as 100.000 taskôgers!) / krite-aktiviteiten: sealhier, konsumpsjes, hapkes, materialen foar de foarstellings: allegearre ynkomsten foar kasteleins, winkeliars en doarpshûzen.

En as no ek nochris alle oeren frijwilligerswurk tsjin in reedlik oerlean sichtber makke wurde, dan giet it net om tonnen euro's, mar om miljoenen euro's mienskips ynkomsten.

Ta beslút, mei hert, holle en hannen

Oan lfat sil it net lizze: alle ynweners fan Fryslân hawwe by lfat en de trije oansletten organisaasjes folop mooglikheden om aktyf of passyf diel te nimmen oan aktiviteiten op it mêd fan kultuer, taal of ûnderwiis.

Bouwe en bine begjint oan 'e basis! En dêr is lfat sûnt 1953 drok mei dwaande.

Mei freonlike groetnis,
út namme fan bestjoer It Frysk Amateur Toaniel,

Geeske J. Frieswijk, foarsitter
Kees Kuipers, skriuwer

Sekretariaat IFAT

Willem Loadewykstrjitte 115, 8933 BL Ljouwert, tillefoan 058-2125383

E-post: k.kuipers1938@kpnmail.nl

Bankrekkennûmmer fan IFAT is : NL16 RABO 0322 9458 44

Naam activiteit:		2018	2019	2020
product : <u>Bibleteek 2017</u>				
Contactpersoon + contactgegevens:	Skriuwer: de hear K. Kuipers It Frysk Amateur Toaniel (IFAT) p/a. Willem Loadewykstrjitte 115 8933 BL Ljouwert	Ek sa	Ek sa	Ek sa
Beschrijving activiteit				
Omschrijving van de activiteit:	IFAT hat it bewâld oer in bibleteek, mei mear as 1.000 toanielboekjes, fan alle Frysktalige toanielstikken dy't yn de rin fan de jierren útjûn binne. De bibleteek sammelt en bewarret âlde en nije toanielwurken. Jierliks wurdt san 10 kear gebrûk makke fan de bibleteek, troch selskippen/ persoanen yn en bûten Fryslân.	Ek sa	Ek sa	Ek sa
Beoogde kwantitatieve resultaten:	It yn stân hâlde en op peil hâlde fan de bibleteek fan Frysktalige toanielstikken en it op fersyk beskikber stelle fan de bibleteek oan selskippen en persoanen.	Ek sa	Ek sa	Ek sa
Beoogde effecten:	Troch it leechdrempelech beskikber stellen fan it product, de Fryske taal en yn it bysûnder it toanielspyljen op in heger plan bringe. Goed oanbod en maklik op te freegjen.	Ek sa	Ek sa	Ek sa
Effectmeting: hoe wordt het effect gemeten?	Neffens opjefte fan de bewâldfierster.	Ek sa	Ek sa	Ek sa
Samenwerkingspartners:	Stifting Amateuroaniel Fryslân (STAF), Frysk Boun om Utens (FBoU), Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse (Selskip); StUFT (= Stichting Utjouwerij Frysk Toaniel)	Ek sa	Ek sa	Ek sa
Wijze van publieksgerichte communicatie:	A-4 ynformaasje foar toanielferienings / yn en bûten Fryslân.	Ek sa	Ek sa	Ek sa
Kosten en opbrengsten:	Totaal lesten: € 320; Totaal ynkomsten € 0; Totaal subsydzje € 320.	+ 1,5%	Ek sa	Ek sa

Naam aktiviteit: product BFT Selskippen/STAF 2017		2018	2019	2020
Contactpersoon + contactgegevens:	Skriuwer: de hear K. Kuipers It Frysk Amateur Toaniel (IFAT) p/a. Willem Loadewykstrjitte 115 8933 BL Ljouwert	Ek sa	Ek sa	Ek sa
Beschrijving aktiviteit:				
Omschrijving van de aktiviteit:	<p><u>Toanielkriich:</u> Der binne 138 toanielselskippen en 15 iepenloftspullen oanslúten. Oan de toanielkriich dogge wylst sa'n 60 selskippen mei. Sûnt 1918 is de toanielkriich in "wedstryd" foar de oansletten toanielselskippen om yn in winterskoft te spyljen foar it heechste tal punten. De toanielkompetysje jout ympulsen foar it ferbetterjen fan it artistike peil fan toanielspyljen op alle ûnderdielen, troch it skôgjen fan betûfte karmasters en it neipetear mei de toanielploech. Edukaasje en oplieding wurde hjirmei oanwakkere. Wille, mienskip en meidwaan binne faktoren dy't hjir in wichtige rol spylje. Jierliks wurde der Slútjûnen organisearre yn skouboarch De Lawei yn Drachten. Elts jier is de belangstelling fanút de toanielwrâld tige grut om dizze jûnen by te wenjen. De útslach fan de toanielkriich wurdt dan bekind makke.</p> <p><u>Jongereintoaniel:</u> Op dit stuit binne der 32 jongereingroepen, mei gemiddeld sa'n 10 leden, dan giet it om in 350 jongereintoanielspilars. Jierliks dogge jongereinselskippen in berop op stipe foar it opsetten fan in produksje, foar kursussen rjochte op de ûntwikkeling fan jongelju, jonger as 21 jier, dy't dwaande binne mei it jongereintoaniel, foar of êfter de kûlissen, of foar oare aktiviteiten dy't</p>	Ek sa	Ek sa	Ek sa

	<p>tsjinstich binne oan de ûntjouwing fan toaniel troch jongeren, sa as op it mêd fan rezjy, oersetten fan stikken en stipe om útein te setten.</p> <p>Jongereinploegen wurkje hiel faak op basis fan Ymprovisaasjes en dy binne faak net jûnfoljend, mar wol leuk! Want it giet om de wille mei toaniel. In spesjale aktiviteit is de Provinsjale Jongerein teaterdei / of in wykein foar jongereinspilars.</p> <p><u>Foarming / Oplieding karmasters:</u> Foar it skôgjen fan de toanielfoarstellings sil in grut tal karmasters beskikber wêze moatte. Yn 2014 wurdt de tredde oplieding foar karmasters ôfslúten, der wurdt besjoen oft yn 2016 in fjirde oplieding fan start giet. Jierliks wurde der ek opfriskursussen foar alle karmasters organisearre ûnder lieding fan in dosint drama en in jierlikse karmastersslútjûn, om in winterskoft ôf te slúten en de ûnderlinge bân fan de karmasters te fersterkjen. Op dit stuit binne der tusken de 35 – 40 karmasters. Yn 2014 binne der 8 nije karmasters slagge foar de oplieding.</p> <p><u>STAFtoanielpriis:</u> Dizze priis wurdt ienris yn de trije jier útrikt oan in oansletten toanielferiening, dy't ûnderskiedend dwaande is mei ynnovaasje op it mêd fan it amateurtoaniel en faktoren sa as bewust dwaande wêze mei bestjoeren, fernijing binnen har organisaasje en gearwurkje mei oare kulturele ferbannen. De útrikking fynt plak tidens in spesjaal organisearre toanieljûn. De sjuery bestiet út minsken dy't in grutte affiniteit ha mei toaniel en har spoaren dêryn fertsjinne ha.</p>			
<p>Beoogde kwantitatieve resultaten:</p>	<p>De promoasje en it stimulearjen fan Frysktalich amateurtoaniel mei help fan ûnder oaren jongereintoaniel en de toanielkriich / karmasters.</p>	<p>Ek sa Sjoch ek side</p>	<p>Ek sa</p>	<p>Ek sa</p>

	Goed en leechdrompelig oanbod rjochte op partisipaasje.	14 – 15 KH 2018		
Beoogde effecten:	It bieden fan in grut ferskaat fan inisjativen en produksjes, dat de mienskip as gehiel bloeie litte kin en dat bydraacht oan in ryk klimaat dat ek ynspiraasje biedt oan ynternasjonaal publyk. It sichtber meitsjen fan it Frysk yn it iepenbiere libben, benammen yn de kulturele sektor. Op syn minst it handhavenjen fan it hjoeddeistige peil. Sa mooglik fierder útwreidzje, mar dat hinget ek ôf fan beskikbere minskekrêft en middels.	Ek sa Sjoch ek side 14 –15 KH 2018	Ek sa	Ek sa
Effectmeting: hoe wordt het effect gemeten?	Ynformaasje en opjefte fan de oansletten organisaasjes.	Ek sa Sjoch side 14-15 KH 2018	Ek sa	Ek sa
Samenwerkings - partners:	Stifting Amateuroaniel Fryslân (STAF), Frysk Boun om Utens (FBoU), Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse (Selskip), Keunstwurk	Ek sa Sjoch side 14-15 KH 2018	Ek sa	Ek sa
Wijze van publieksgerichte communicatie	Giet fia STAF / doelgroep BFT selskippen. Nijsbrieven, opjefte brieven foar aktiviteiten, parseberjochten en eigen hiemside www.staf-fryslan.nl .	Ek sa Sjoch side 14-15 KH 2018	Ek sa	Ek sa
Kosten en opbrengsten	Totaal lesten: € 48.500; Totaal ynkomsten € 43.685; Totaal subsydzje € 4.815.	+ 1,5%	Ek sa	Ek sa

Naam aktiviteit: product Frysk Boun om Utens FBoU 2017		2018	2019	2020
Contactpersoon + contactgegevens:	Skriuwer: de hear K. Kuipers It Frysk Amateur Toaniel (IFAT) p/a. Willem Loadewykstrjitte 115 8933 BL Ljouwert	Ek sa	Ek sa	Ek sa
Beschrijving aktiviteit:				
Omschrijving van de aktiviteit:	<p>It Frysk Boun om Utens hat 16 kriteren bûten Fryslân, meielkoar mei omtint 2000 leden.</p> <p><u>Toanielkriich</u> Toanielploegen, dielstoaniel, toanielkriich en promoasje It Boun fynt it wichtich dat Kriten in eigen toanielploech hawwe, dat slagget net altyd, mar troch gearwurking fan in pear Kriten meiïnoar yn Dielstoaniel ferbân kin der dochs wer spile wurde. Mei dizze opset slagget it Boun deryn it berik fan toanielspyljen wer te fergrutsjen. Ien krite hat sels in toanielploech. Yn ferbân fan it Dielstoaniel wurkje fjouwer kriteren gear. De kosten fan Dielstoaniel binne de hege kant nei en mei de stipe fan it Boun en Ifat komt it Dielstoaniel fan 'e grûn en is der in taname fan it tal foarstellings. Der wer mooglik wurdt it toanielspyljen promoate, sa as op Algemiene gearkomsten, op besite by kriteren en by spesjale gelegenheden.</p> <p><u>Toanielstúdzjedei / Kaderwykein</u> It iene jier wurdt in lânlike toanielstúdzjedei organisearre, it oare jier in kaderwykein. Der wurdt oandacht jûn oan it belang fan in eigen ploech, de tûkelteammen dêr't men mei te krijen hawwe kin, sa as de kar fan it stik, de besetting fan de rollen, de tiid dy't men frij meitsje moat foar it rippetearjen, it folgjen fan toanielkursussen, it meidwaan oan de toanielkriich en alles wat fierder mei it toaniel gearhinget. Dielname toanielstúdzjedei:</p>	Ek sa Sjoch ek side 14-15 Aktiviteiten KH 2018	Ek sa	Ek sa

	trochhinne 15 dielnimmers Dielname kaderwykein: gemiddeld 20 dielnimmers			
Beogde kwantitatieve resultaten	It Boun wol troch in goed oanbod fan kultueredukaasje, it toanielspyljen troch de eigen kriteleden sa folle mooglik stimulearje en stypje en dermei it berik te fergrutsjen fan de Fryske taal en kultuer.	Ek sa Sjoch ek side 14-15 Aktiviteiten KH 2018	Ek sa	Ek sa
Beogde effecten	It behâld fan eigen toanielploegen foar de krite. Mei troch it opsetten fan Dielstoaniel it toanielspyljen te stimulearjen en it berik te fergrutsjen	Ek sa Sjoch ek side 14-15 KH 2018	Ek sa	Ek sa
Effectmeting: hoe wordt het effect gemeten?	Ynformaasje en opjefte fan de oansletten organisaasjes.	Ek sa Sjoch side 14-15 KH 2018	Ek sa	Ek sa
Samenwerkings - partners:	Stifting Amateursoaniel Fryslân (STAF), Frysk Boun om Utens (FBoU), Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse (Selskip)	Ek sa	Ek sa	Ek sa
Wijze van publieksgerichte communicatie	Nijsbrieven, It Ambyld, brieven útnoeging en webside www.fryskbutenfryslan.nl	Ek sa	Ek sa	Ek sa
Kosten en opbrengsten:	Totaal lesten: € 2.763; Totaal ynkomsten € 380; Totaal subsydzje € 2.383.	+ 1,5%	Ek sa	Ek sa

Naam activiteit:		Product	Selskip 1844 jier 2017	2018	2019	2020
Contactpersoon + contactgegevens:	Skriuwer: de hear K. Kuipers It Frysk Amateur Toaniel (IFAT) p/a. Willem Loadewykstrjitte 115 8933 BL Ljouwert					
Beschrijving activiteit:						
Omschrijving van de activiteit:	Foarlêsprjekt: Provinsjaal Projekt Foarlêzen yn it Frysk oan pjutten op pjutteboartersplakken, bernedeiferbliuwen en by gastâlders			Ek sa Sjoch ek side 14-15 KH 2018	Ek sa	Ek sa
Beoogde kwantitatieve resultaten:	It aktyf brûken fan de Fryske taal, it Stellingwerfs, it Bildts, it Skiermûntseagers en oare streektalen te befoarderjen en it lêzen en foarlêzen yn dy talen te stimulearjen.			Ek sa Sjoch ek side 14-15 KH 2018	Ek sa	Ek sa
Beoogde effecten:	Promoasje Fryske taal en streektalen, befoarderjen fan meartaligens. Fergrutsjen sichtberens fan meartaligens en it Frysk yn it iepenbiere libben en de kommunikaasje mei it publyk yn wurd en skrift.			Ek sa Sjoch ek side 14-15 KH 2018	Ek sa	Ek sa
Effectmeting: hoe wordt het effect gemeten?	Ynformaasje troch it ferslach Fryske Foarlêswike op basis fan sifers n.o.f. fragelistkes fan kontaktpersoanen / Kommisje Foarlêzen.			Ek sa	Ek sa	Ek sa
Samenwerkingspartners:	Stifting Amateurtoaniel Fryslân, Frysk Boun om Utens, Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse, Afûk, StUFT, Tomke – wurkgroep, Bibliotheekservice Fryslân, Taalsintrum Frysk Cedin, Ried fan de Fryske Beweging, Sintrum Frysktalige Berne-opfang, Tresoar, Frysk Genoatskip, Stellingwarver Schrieversronte, Stichting Ons Bildt, Kulturele Kommisje Skier, Hegeskoallen NHL en Stenden			Ek sa	Ek sa	Ek sa
Wijze van publieksgerichte communicatie	Ynformaasje oan Kontaktpersoanen, pjutteboartersplakken, bernedeiferbliuwen, gastâlders en foarlêzers. Parseberjochten, ferslaggen oan gemeenten: kolleezjes Boargemaster en Wethâlders, Gemeenterieden, leden			Ek sa	Ek sa	Ek sa

	Steatefraksjes en relaasjes / organisaasjes			
Kosten en opbrengsten:	Totaal lesten: € 12.883; Projektsubsydzje Provinsje Fryslân € 7.500; Subsydzje Ljouwert € 3.000; Subsydzje provinsje Fryslân fia IFAT € 2.383.	+ 1,5%	Ek sa	Ek sa

Naam aktiviteit:	AKTIVITEITEN KULTURELE HAADSTÊD 2018
Contactpersoon + contactgegevens:	Skriuwer: de hear K. Kuipers It Frysk Amateurtoaniel (IFAT) p/a Willem Loadewykstrjitte 115 8933 BL Ljouwert
Beschrijving aktiviteit:	
Omschrijving van de aktiviteit:	<p>Ljouwert–Fryslân Kulturele Haadstêd 2018</p> <p>De trije oansletten organisaasjes wolle ek in bydrage leverje oan KH 2018. Hja binne dwaande mei it tarieden fan de neikommende aktiviteiten:</p> <p>STAF / BFT Selskippen wol yn 2018 ekstra omtinken jaan oan de doelgroepen <u>Iepenloft en Jongerein toaniel.</u></p> <p>Hja wolle fierdere plannen útwurkje om dizze beide doelgroepen in fikse stimulans te jaan. Foar it jier 2018 wurdt in ekstra subsydzje frege foar: Iepenloftspullen € 3.000,00 Jongereintoaniel € 2.000,00</p> <p>FRYSK BOUN om UTENS wol in spesjale <u>Friezedei</u> organisearje yn Ljouwert yn it kader fan KH 2018. Friezen bûten Fryslân wurde útnoege om it feest fan KH 2018 mei te fieren yn Ljouwert. De Algemiene Gearkomste sil dan hâlden wurde en d'r sil rom omtinken wêze foar kulturele aktiviteiten, sa as toaniel en sjongen / koaren.</p> <p>FBoU hat hjiroer al tariedend kontakt hân mei de Kommissaris fan de Kening.</p> <p>Foar it jier 2018 wurdt hjirfoar in ekstra subsydzje frege foar: Friezedei yn Ljouwert € 2.000,00</p> <p>SELSKIP FOAR FRYSKE TAELEN EN SKRIFTEKENNISSE – It Selskip</p> <p>De wichtichste aktiviteit fan it Selskip is it <u>Foarlêspanje</u>.</p>

	<p>De Kommisje Foarlêzen Selskip hat fan bestjoer Selskip it fersyk krigen om in bydrage te leverjen oan KH 2018. Oan de iene kant kin tocht wurde oan de pjutten, mar mooglik ek oan de nije groep fan gastâlders, dy't sa ferskriklik entûsjast en sa bûtengewoan harren bydrage leverje oan it Foarlêspanjekt.</p> <p>Foar it jier 2018 wurdt hjirfoar in ekstra subsydzje frege foar: Foarlêspanjekt € 2.500,00</p>										
Beoogde kwantitatieve resultaten:	<p>Yn 2017 wurde de plannen konkreter útwurke. Dan sil dizze fraach en ûndersteande fragen fierder foarm krije en beantwurde wurde. Troch ynset fan eigen frijwilligers wolle wy de edukaasje ta de Fryske taal en ûnderwiis in “boast” jaan.</p>										
Beoogde effecten:	<p>It bieden fan in ferskaat oan inisjativen en produksjes dat de hiele mienskip oppakke kin en nije ynwenners, bygelyks flechtlingen, makliker der by belutsen wurde en dêrtroch opnaam wurde yn ‘e mienskip. Ofhinklik fan minskekrêft en middels sil probearre wurde it hjoeddeiske peil ta in heger nivo te bringen.</p>										
Effectmeting: (hoe wordt het effect gemeten?)	<p>Kin allinne komme fan ynformaasje en opjefte fan de oansletten organisaasjes</p>										
Samenwerkingspartners:	<p>Strifting Amateurtoaniel Fryslân (STAF), Frysk Boun om Utens (FBoU), Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse (Selskip), Keunstwurk.</p>										
Wijze van publieksgerichte communicatie:	<p>Giet fia STAF / doelgroep BFT selskippen. Nijsbrieven, opjefte brieven foar aktiviteiten, parseberjochten en eigen hiemsiden: www.staf-fryslan.nl www.fryskbutenfryslan.frl</p>										
Kosten en opbrengsten:	<p>Foar it jier 2018 ekstra subsydzje:</p> <table> <tr> <td>STAF – Iepenloftspullen</td> <td>€ 3.000</td> </tr> <tr> <td>STAF – Jongereintoaniel</td> <td>€ 2.000</td> </tr> <tr> <td>FBoU – Friezedei</td> <td>€ 2.000</td> </tr> <tr> <td>Selskip – Foarlêspanjekt</td> <td><u>€ 2.500</u></td> </tr> <tr> <td>Totaal</td> <td>€ 9.500</td> </tr> </table>	STAF – Iepenloftspullen	€ 3.000	STAF – Jongereintoaniel	€ 2.000	FBoU – Friezedei	€ 2.000	Selskip – Foarlêspanjekt	<u>€ 2.500</u>	Totaal	€ 9.500
STAF – Iepenloftspullen	€ 3.000										
STAF – Jongereintoaniel	€ 2.000										
FBoU – Friezedei	€ 2.000										
Selskip – Foarlêspanjekt	<u>€ 2.500</u>										
Totaal	€ 9.500										
Andere relevante punten:											

MEARJIERREPLAN 2017-2020

Produktplan 2017

Stifting It Frysk Amateur Toaniel (IFAT)

Detailbegutting (afgerond op € 100)	Produktplan 2017	Produktplan 2016	Realisatie 2015
Baten			
Subsydzje fia Keunstwurk	€ 25.000	€ 25.000	€ 25.600
Subsydzje provinsje fia IFAT	€ 9.900	€ 9.900	€ 9.800
Subsydzje Ljouwert	€ 3.000	€ 3.000	€ 3.000
Subsydzje provinsje	€ 7.500	€ 7.500	€ 7.500
Overige bydrage	€ 19.100	€ 19.100	€ 7.500
	<u>€ 64.500</u>	<u>€ 64.500</u>	<u>€ 53.400</u>
Lêsten			
<u>Directe kosten</u> , zoals theaterdei, jongerein, kriichkoördinator, slútjûn, kaderwykein, bibleteek	€ 33.100	€ 33.100	€ 25.600
<u>Kosten gearkomsten en wurkgroepen</u> , zoals sealhier, konsumpsjes, honoraria, fergoedingen	€ 11.400	€ 11.400	€ 17.000
<u>Reis- en ferbliuwkosten</u>	€ 8.700	€ 8.700	€ 5.600
<u>Burokosten</u> , zoals promoasje, adfertinsjes, represintaasje, fersekering	€ 5.800	€ 5.800	€ 2.900
<u>Overige kosten</u>	€ 5.500	€ 5.500	€ 2.300
	<u>€ 64.500</u>	<u>€ 64.500</u>	<u>€ 53.400</u>

MEARJIERREPLAN 2017-2020

Stifting It Frysk Amateur Toaniel (IFAT)

Bijlage 2B Samenvattend overzicht: financieringstabel per activiteit

Tabel overzicht kosten en opbrengsten per activiteit jaarschijf 2017												
Activiteiten	Totaal bedrag	Directe kosten	%	Indirecte kosten	%	Totale inkomsten	Opbrengsten uit activiteit	%	Bijdrage derden	%	Gevraagde boekjaar-subsidie	%
Bibleteek	€ 320	€ 320	100%		0%	€ 320	€ -	0%	€ -	0%	€ 320	100%
BFT Selskippen/STAF	€ 48.500	€ 48.500	100%		0%	€ 48.500	€ 18.685	39%	€ 25.000	52%	€ 4.815	10%
Frysk Boun om Utens	€ 2.763	€ 2.763	100%		0%	€ 2.763	€ 380	14%	€ -	0%	€ 2.383	86%
Selskip 1844	€ 12.883	€ 12.883	100%		0%	€ 12.883	€ -	0%	€ 10.500	82%	€ 2.383	18%
Totaal	€ 64.465	€ 64.465	100%	€ -	0%	€ 64.465	€ 19.065	30%	€ 35.500	55%	€ 9.900	15%

Voorgenomen besteding subsidie				
	Provinciale activiteiten	..%	Eeventuele reserves	..%
2017	€ 64.465	100%	€ -	0%
2018	€ 74.932	100%	€ -	0%
2019	€ 66.413	100%	€ -	0%
2020	€ 67.410	100%	€ -	0%